



# SKOFT

(Pauze)



**Eigentiids blijskul yn twa bedriuwien**

fan

**WILLEM KUYPER en INGRID ASSIES**

**Fryske oersetting fan Siep Jorna**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

**(Grimas Theatergrime verkoop)**

**Tel: 072 - 5 11 24 07**

**E-mail: info@toneeluitgeverijvink.nl**

**Website: www.toneeluitgeverijvink.nl**

## VOORWAARDEN

Alle amateurverenigingen die het stuk: **SKOFT - PAUZE** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **WILLEM KUYPER en INGRED ASSIES** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2014 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet:** [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

**E-mail:** [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

**Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **12** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten  
van u te claimen, of te innen.**

## **PERSOANEN:**

**Erik Venema** - filiaalhâlder

**Berend-Jan Zijlstra** - meiwurker

**Jantine Venema** - frou fan Erik

**Chantal de Jong** - meiwurkster mei kreamferlof

**Wouter Spijker** - ûnderhâldsmonteur

**Rick de Smet** - kontroleur keuringstsjinst

**Frans Zijdelings** - manager ynkeap en klanten service

**Hylkje Bruinsma** - klant

**Irene Ploegstra** - meiwurkster

**Silvia van Straaten** - ôfdielingshaad

**Coby Groeneveld** - kasjêre

**Jolanda Houtman** - kasjêre, skjinmakster

Erik Venema: Wurdt hieltyd oansprutsen troch it personiel, oer in mooglike oernome.

Berend-Jan: Gek op froulju en knypeaget ek nei alle froulju, yn 'e kast – út 'e kast mei Irene.

Jantine: Hiel besoarge en út 'e hichte. Wit net wat er him allegearre yn it bedriuw ôfspilet, tinkt elk.

Chantal de Jong: Swanger, rint op alle dagen en is even op besite.

Wouter Spijker: Handy man, makket like maklik it ljocht as de lift.

Rick de Smet: Kontroleur keuringstsjinst, in hiel sekuer mantsje.

Frans Zijdelings: ADHD-er, hat in goede smaak en falt ek yn 'e smaak by de froulike kollega's.

Hylkje Bruinsma: 1 miljoenste klant.

Irene Ploegstra: Yn 'e kast – út 'e kast mei Berend-Jan.

Silvia van Straaten: Krekt yn tsjinst, komt fan it haadkantoar, undercover.

Coby Groeneveld: Wurdt hieltyd oproppen, docht krekt at se dit net slim fynt.

Jolanda Houtman: Praat wat sangerich en is bot senuweftich.

## **DEKOR:**

Skoft spilet him ôf yn de kantine fan in supermerk op de 3de ferdjipping. Efter op it toaniel is in doar mei yngong nei it kantoar fan Erik Venema, in lift, in treppenhûs en der stiet in kofjesetapparaat en in kuolkast. Der hinget in grutte klok en in spegel. Fierder in kantinetafel mei stuollen en in kapstok mei bedriuwsklean. Der is in doar nei in grutte biezemkast en in doar fan it hûske. Der stiet in ôffalbak en der lizze teedoeken en hândoeken. In steapel stuollen yn 'e hoeke en in memo boerd mei meidielings neist de doar fan it kantoar.

It soe aardich wêze om in giel autootsje pal foar de yngong fan de seal te parkearen mei in boerd "Directie" der foar. Der kinne ek lûden brûkt wurde fan it trochspielen fan it hûske en it gûlen fan in baby by de berte fan B-J jr. De lift útfiere mei etaazje ljochtsjes en mei rútsjes, sadat je de minsken yn 'e lift nei ûnderen gean sjogge of fan ûnderen oankommen sjogge.

## EARSTE BEDRIUW.

Wouter: (*komt fûterjend op, yn it tsjuster, mei in ridskipkoffer en termoskanne mei kofje en siket de meterkast. Stroffelet oer in stoel en giet in sekering ferfangen yn de kast. Dan giet it Ijocht aan. Skrikt fan Jolanda en ropt*) Skrik my deal! Wa bisto?

Jolanda: Ik... ik... ik bin Jolanda Houtman.

Wouter: Wat dochsto hjir? Ik kin dy hielendal net.

Jolanda: Ik ha in ôfspraak mei Erik Venema, de baas hjir. Ik ha in sollisitaasjepetear.

Wouter: Sollisitaasjepetear? Om sâns oere? No ús baas is noait betiid.

Hasto dy net fersind?

Jolanda: Nee, hear... ik ha eins in petear om acht oere, mar ik bin wat betider kaam. Under seine se wachtsje mar boppe yn 'e kantine, mar ik wist net at ik hjir goed wie, it Ijocht die it net... Sorry dat ik dy sa skrikke liet.

Wouter: Jout neat... de hertslach is al wer normaal. Mar eh... tink mar om dyn eigen hertslach, want meneer Venema stiet der om bekend, dat troch him herten flugger klopjen gean.

Jolanda: Wêrom seist soks no, ik bin al sa senuweftich.

Wouter: Sorry, dat wie net de bedoeling, mar eh... wêr hast op sollisitearre? Ik tocht dat wy al genôch minsken yn tsjinst hiene...

Jolanda: Ik wurd de nije warkster...

Wouter: O, ja... fansels! De nieuwe warkster!

Jolanda: ...en at der tiid oer is, dan mei ik sa no en dan efter de kassa.

O, ik fyn it sa spannend!

Wouter: Ha se dy al ferteld dat der ûnder ek in kantine is? Dat wie earst ús ienichste kantine, mar omdat er te lyts wie, ha wie no dit hok op de 3de ferdjipping der by kriegen. Net sa praktysk, mar wy moatte it der mar mei dwaan.

Jolanda: Ja, en der sit hjir ek net iens in rûtsje yn. Je kinne net iens even gesellich nei bûten sjen.

Wouter: Dêr hâldt de baas ek hielendal net fan, even gesellich nei bûten sjen. Lokkich docht it Ijocht it wer. No de lift noch. Dy lei juster al yn storing. Hiel ferfelend allegearre.

Jolanda: Ik bin benijd wat der oan mankearret. Hiest it Ijocht ek sa makke, dat it sil mei dy lift ek wol slagje. Ik moat noch wachtsje oant acht oere, ik wie ek wol hiel betiid.

Wouter: Sukses fanke! Wist wat? Ik sil dy even in lekker bakje kofje jaan, dat makket it wachtsjen wat oangenamer... (*makket kofje*)... en dan duorret it ek net sa lang. Sa... (*set de klok op tsien foar achten en stapt yn 'e lift*) Ik sil oant wark. Oant sjen...

Jolanda: Oant sjen en tige tank! Sa!... De tiid giet hjir fluch, dat is allinne mar moai...

Silvia: (*komt mei laptop fan de trep pakt kofje en leit har luchtpakket yn de kuolkast*) Goemoarn! Hé, do moast ús sollisitant wêze! Bist yn elts gefal moai op ‘e tiid, dat is al in pluspunt! Ik bin Silvia van Straaten, wa bisto?

Jolanda: (*wol Silvia in hân jaan, mar Silvia jout gjin hân*) Jolanda Houtman, ik ha in ôfspraak om acht oere mei Erik Venema. (*sjocht nei de klok*) En dat sjit al moai op.

Silvia: No, dan silsto noch wol even wachtsje moatte, menear Venema let noait net sa op ‘e tiid, syn eigen tiid dan... mar wol op ‘e tiid fan syn personiel hear, dêr komst noch wol efter...

Jolanda: Ik wachtsje noch wol even hear. Ik ha al kofje krigen fan in man yn in stofjas.

Silvia: Dat moat dan Wouter west ha, ús ûnderhâldsmonteur. Mar wat moast dy hjir hjoed sa betiid?

Jolanda: Hy hat it ljocht makke, it wie hjir roettsjuster, hy is no mei de lift dwaande.

Silvia: O ja, de lift en it ljocht wiene stikken, dat is ek sa.. Ja, dan is it hiel tsjuster yn sa'n hok súnder ruten.

Jolanda: Ja, dat sei ik ek al tsjin dy Wouter. In bytsje deiljocht soe wolnoflik wêze... Wat is dyn funksje eins by dizze supermerk?

Silvia: Ik bin hjir ôfdielingshaad, dus do silst wol in soad mei my te meitsjen krije. (*nimt har op*) Dus do wolst graach de nije warkster wurde? Soe moai wêze, want ús foarige warkster is al wer in skoftke fuort en sa fris is it hjir net mear... is it trouwens in fulltime funksje?

Jolanda: Ja, en at der tiid oer is, dan mei ik efter de kassa.

Silvia: It heart allegearre tige moai, mar soarchje earst mar datsto oannommen wurdst, want Erik is net altyd like maklik...

Jolanda: Ik sil myn bêst dwaan. Mar... menear Venema is der noch hieltyd net...

Silvia: Sit der mar net oer yn, menear Venema is net te missen...

Coby: (*op fan de trep, pakt har winkelhesje fan de kapstok en docht dit oan, pakt kofje en leit har luchtpakket yn ‘e kuolkast*) Hee... bisto de nije warkster? Ik ha der grûtsjen fan heard...

Jolanda: Dat moat noch! Ik ha sa in ôfspraak mei menear Venema, om acht oere.

Coby: Erik Venema! O, dy seach ik krekt bûten stean, hy stie dêr te bakkeleien omdat der ien op “syn parkearplak” stie. Len of oar giel autootsje. It is betiden sa'n droktemakker...

Silvia: Skyt! In eigen parkearplak? Gjin ien hat hjir in eigen parkearplak! Wat mient er wol net!

Jolanda: Giel autootsje? (*set grutte eagen op*) O, o...

Coby: O, is dat dines! No, dat is dan lekker foar dy, dyn karrière begjint hir goed.

Jolanda: Wêrom seist dat no? Ik bin al sa senuweftich. (*goait kofje om*) O, dat ek noch...

Coby: No sis! Wat makkest der in soadsje fan! Mar goed, kinst daliks sjen litte, datsto goed skjinmeitsje kinst. (*wiist*) Dy doar! Dat is de wurkkast, kinst alles fine...

Jolanda: Och... wat bin ik ek in stuntel! (*giet nei de kast en docht dy iepen*) Jemich, wat in grutte kast...

Silvia: (*giet fluch op Jolanda har stoel sitten*) Sa, kin ik teminsten op myn eigen plak sitte...

Coby: Ja hear! Gean do mar op dyn eigen parkearplak sitten...!!!

Jolanda: (*ferdwynt yn 'e kast en lit de doar iepen*) Ik lit de doar iepen, oars mis ik meneer Venema ek noch. Hir kin 't wol mei. (*komt út 'e kast mei in goare dweil en nimt hir de tafel mei ôf, lyk foar Silvia*) Sa, dat sjocht der al wer better út... (*se stiet bûcht oer de tafel mei de rēch nei de trep at Erik Venema der yn komt*)

Silvia: (*sjocht mei in fiis gesicht nei de dweil, har gesicht klearret yn ien kear op at Erik yn komt*) Goemoarn Erik! Hoe is it?

Erik: (*hâldt fan skrik syn aktetas tusken him en Jolanda en brommet*) Mei my is 't goed, ek moarn. En wa ha wy hir? (*nimt Jolanda op*)

Jolanda: (*noch hieltyd mei dweil*) Ik, ik... ik bin Jolanda Houtman. Ik ha in ôfspraak mei jo. Ik kom sollisitearjen.

Erik: O, ja! Dat is wier ek. (*rint nei it kantoar*) Dat wie hjoed ja. Wie my even troch it sin sketten, it is ek sa drok...

Silvia: Erik, kin ik earst even mei dy prate. It is nochal wichtich. Do witst wol wêr oer...

Erik: (*tsjin Silvia*) Mar fansels, Silvia. (*tsjin Jolanda*) Graach noch even geduld, it duorret net lang...

Jolanda: Ja, goed hear.. Yn dit bedriuw is wachtsjen gjin probleem.

Erik: (*sjocht nei Jolanda en nim har noch ris op*) Hasto tafallich in giel autootsje?

Jolanda: (*skrikt*) Eh, eh, eh... Ja... Nee... ik ha in reade brommer... Jo witte wol... sa'n readen ien...

Erik: Ja, ja... (*giet mei Silvia it kantoar yn*)

Coby: (*laket har slop*) Reade brommer? Ik fyn dy hielendal net in type foar in reade brommer... mear foar in giel autootsje... Ha, ha, ha, grapke...

Jolanda: Ja, ja... dit wie in bytsje dom.

Coby: A juh, dat hat er doch net yn 'e gaten..

*Ding Dong... Ding Dong... Attentie... Attentie... Coby kassa bij aub...*

Jolanda: Wa t is dit?

Coby: (*rint nei de trep*) Ik moat nei ûnderen, de plicht ropt! (*by de trep*)  
Stomme lift!

Jolanda: Goh, sis. Dyn namme wurdt omroppen, ik hoopje dat ik ek sa  
belangryk wurdt...

Silvia: (*komt út kantoar*) Tank foar dyn tiid, Erik...

Erik: Silvia... harkje... wolsto elkenien der noch ris op wize, dat ik yn 'e  
winkel mei menear Venema oansprutsen wurde wol...

Silvia: Oke... ik sil it trochjaan... (*giet daliks nei de trep en sjocht Jolanda  
aan*) Next patiënt, please!

Erik: Jolanda wie it net?... Kom yn... (*ôf yn kantoar*)

Wouter: (*Chantal, Irene en Wouter, mei ridskiptas, komme út de lift.*  
*Chantal en Irene pakke kofje en lizze har lunchpakket yn 'e kuolkast.*  
*Irene pakt har winkelhesje fan de kapstok en docht dit aan. Kletse  
wat*) Sa de lift docht it wer. Allinne net op de 1ste en de 2de ferdjipping  
drukke, dan flocht er noch hieltyd yn storing. Dus, tink der om...  
allinne de begeane grûn en de 3de ferdjipping. En oars mar mei de  
trep. (*pakt ek kofje*)

Chantal: Wol hiel ferfelend sa'n lift ast op alle dagen rinst...

Irene: Kinst better mar mei de trep gean. Mar wat aardich datsto even  
del komst, Chantal! Hoe is it mei dy?

Chantal: No, it giet hiel goed mei my... noch in pear wykjes en dan is it  
safier.

Irene: Wat spannend! Wist al wat it wurdt?

Chantal: Nee! Ik woe it noch net witte, it wurdt dus echt in ferrassing.

Wouter: Is it net wat betiid foar besite?

Irene: Betiid? It is al healwei tsienen, sjoch mar. (*set klok op healwei  
tsienen*)

Chantal: Ik tocht, ik kom lekker in dei by jim... Thús sitte je ek mar wat  
te wachtsjen oant der wat komt...

Wouter: Dat fine jim froulju doch leuk, berntsje dit, berntsje dat... Wy  
mannen fine yn dit proses de earste omloop it moaist en dêrnei at de  
lytse rinne kin.

Irene: Bist lekker mei kreamferlof en dan komst doch noch op it wurk!

Chantal: Ik kin gewoan net sa lang sùnder jim en dan bliuwe jim op 'e  
hichte en ik ek...

Coby: (*komt hymjend op en pakt kofje*) Hee, Dikkertje Dap, do hjir? (*giet  
sitten en sil kofje drinke*) Hoe is it mei dy...

*Ding Dong... Ding Dong... Attentie... Attentie... Coby kassa bij aub...*

Coby: O, jemich! Kinne wy net iens even byprate. (tsjin Chantal) Drink do myn kofje mar op. (*rint nei de trep*) Stomme lift!

Irene: (*se sjogge elkoar allegearre oan*) Stomme lift? De lift docht it doch wer, wit se dat net?

Wouter: Neat sizze! Lit gean! Se kin wol in pear pûntsje misse. Ha, ha...

Jantine: (*op mei de trep*) Goemoarn allegearre. (*sjocht om har hinne*) Wat in drokte hjir, is myn Erikje der net?

Irene: (*fansiden*) Tink je dat je alles hân ha!

Jantine: Myn Erik hat syn lunchpakket fergetten!

Irene: (*fansiden*) Myn Erik hat syn lunchpakket fergetten!

Wouter: Neffens my is er yn petear. Ik soe him mar net steure, dêr hâldt er net fan. (*wiist*) Lis dat oerlibbingspakket dêr mar del, dan fyt er it wol...

Jantine: Soarchje jim der wol foar dat er it ek opyt, hy hat it sa nedich... hy wurket ek sa hurd...

Irene: No, dêr binne de mieningen oer ferdield. Wolle jo ek kofje, mefrou Venema?

Jantine: Nee, ik hâld net fan kofje út sa'n plastic bekerke. (*ôf*)

Wouter: Wat kinsto flaaikje mei de frou fan de baas, sis. (*heech stimke*) Wolle jo ek kofje, mefrou Venema?

Irene: Wat in tuthola! "Nee, ik hâld net fan kofje út sa'n plastic bekerke" Ha, ha...

Chantal: Komt se hjir noch hieltyd in pear kear deis?...

Irene: Wol tsien kear deis.

Wouter: Se hjit net foar neat Jantien! Ha, ha...

Irene: Ja! It is doch net te leauwen...

Berend-Jan: (*op mei de lift*) Sa... no earst even nei it hûske yn 'e baas syn tiid. (*giet yn it hûske en komt der daliks wer út*) Tsjongejonge... wer gjin papier. (*rint nei de kast*)

Irene: (*ropt*) Kinst it fine, Bejé?... O, wachtsje... ik help dy even! (*kast yn, doar ticht*)

Chantal: Gesellich hear! Kom ik hjir op besite, sitte se of op kantoar, of yn 'e kast!

Wouter: Bouwe wy hjir doch in feestje...

Chantal: (*giet stean mei de hannen op 'e búk*) Dat feestje ha 'k al hân...

Irene: (*komt mei Berend-Jan út 'e kast mei in tige grut pak hûske papier*. *Berend-Jan giet nei it hûske*) Sa, dat moat Berend-Jan hjoed slagje... oant papier sil it yn elts gefal net lizze...

Wouter: (*ropt tsjin Berend-Jan*) Hee, maat! Lit de boel net ferstopje, ja! Ik moat even nei in oer filiaal. Bin nei de middei wer werom. (*ôf mei de lift*)

Chantal: Ik sil even nei de bôle ôfdieling. Ris sjen hoe it mei myn oare kollega's is. Faaks ha se noch wol in lekker broadsje foar my!

Irene: Ja, do moatst no doch foar twa ite. Dochst foarsichtich?

Chantal: Ja, hear, doch ik. (*ôf trep*)

Erik: (*komt mei Jolanda út it kantoar, hat in stikje himd boppe de broek*)

Jolanda, ik fûn it in hiel leuk petear! Irene, dit is dyn nije kollega!

Wolsto Jolanda yn 'e kunde bringe mei Berend-Jan? (*tsjin Jolanda*)

Berend-Jan sil dy wol it ien en oar útlizze... sukses (*ôf kantoar*)

Jolanda: Goeie, ik bin Jolanda Houtman. Yes, ik bin oannaam en kin daliks begjinne. Witsto wêrt ik myn klean helje kin?

Irene: Dan moatst by Berend-Jan wêze, mar dat kin noch wol even duorje, want hy hat it tige drok yn 'e baas syn tiid! (*wiist nei it húske*)

Jolanda: O jee... Grapke moat kinne. Gesellich.

Berend-Jan: (*komt fan it húske*) Sa froulju. Wat soene jim sizze fan in potsje keezen?

Jolanda: Keezen? Wat is dat?

Irene: Ja, leuk! Ik pak it boerd even. Dochst mei, Jolanda?

Jolanda: Ja, mar... ik bin per direkt oannaam... ik moat doch oant wurk.

Berend-Jan: Wolnee, do hast no skoft! (*set de klok op tsien oere, se sille in spultsje dwaan*)

Coby: (*komt op, hellet kofje en giet derby sitten*) Dat jim hjir yn 'e baas syn tiid in spultsje dwaan kinne. Mei ik meidwaan?

Berend-Jan: Nee, fansels net!

Coby: Wêrom net?

Berend-Jan: Omdatsto hieltyd fuortroppen wurdst!

Coby: Ja, mar ik ha no skoft...

Berend-Jan: Dat seit foar dy neat. Hieltyd sitte te flaaikjen by de baas oer dy oername driging...

Coby: Wat no flaaikje!... Ik wol myn wurk gewoan goed dwaan... (*tsjin Jolanda*) Bist oannaam?

Jolanda: (*laket*) Ja! Ek al ha 'k in reade brommer! Spannend hear en ik mei hjoed al begjinne...

Coby: Lokwinske. Moai foar dy en ek foar ús want it is hjir net bepaald skjin te neamen...

Jolanda: Berend-Jan helpt my sa mei de klean. Ik bin sa benijd...

Berend-Jan: Dat komt hielendal goed, nei dit spultsje sille wy tegearre even klean passe. (*dikke knypeach*) It sil dy fantastysk stean!... Wauw.

Irene: Hee, casanova! Do litst it, ja?

Erik: (*komt út kantoar en hinget in papier op it memoboerd*) Moatte jim net oant wurk.

Berend-Jan: Nee, wy ha skoft...

Erik: Ha jim der wol oan tocht, dat wy hjoed de 1 miljoenste klant ferrasse sille?

Jolanda:

De 1 miljoenste klant? Komme hjir safolle minsken deis?

Coby: Jolanda, do moatst noch in soad leare...

Erik: Ja, hjoed sille wy de 1 miljoenste klant ferrasse mei in libbensmiddelspakket en in bosk blommen. Frans Zijdelings hâldt yn 'e gaten wa de geloksfûgel is (*tsjin Jolanda*) Frans fersoarget hjir it klantenkontakt.

Jolanda: O, wat feestlik en dat krekt op myn 1ste wurdwei, wat leuk.

Coby: (*gnoarret*) Dat moatte wy noch mar ôfwachtsje...

Erik: Hoesa, Coby? Fynst it net in goed idee?

Coby: (*daliks om*) O, ja! In supergoed idee. Kin ik ek noch wat dwaan?

Erik: Eins wol ja! Wolsto dan even in moai bosk blommen by de blommeôfdieling helje en Berend-Jan wolsto in boadskipkrat fol boadskippen dwaan?

Berend-Jan: Wat moat ik der yn dwaan, menear?

Erik: Tsja, wat soe leuk wêze om dêr yn te dwaan? Witte jim neat?

Jolanda: No, ik fyn sûkelade altyd hiel lekker.

Coby: (*bits*) Wurkest hjir al fiif minuten?

Irene: Koeken en fruit, of in leuk tydskrift...

Erik: Do hast it heard, Berend-Jan, oerlis mar mei Frans en meitsje der wat leuks fan. At it mar net te djoer is! En no fuort wêze en oant wurd. It is al healwei alven. (*set de klok op healwei alven*)

*Ding Dong... Ding Dong... Attentie... Attentie... Coby kassa bij aub...*

Erik: Sjochst wol, oant wurd jim!

Coby: (*mei de trep*) Jippie! Efter de kassa! Stomme lift!

Erik: Se meitsje der ek wol in potsje fan hjirre; ik tink dat mar wer ris wat stranger optrede moat. Wat is dat eins foar spultsje. It keezspul? Ik nim it mei nei hûs, faaks wol Jantientsje jûn wol in potsje keezen!

Chantal: (*op fia de trep*) Hee, menear Venema, hoe is 't der mei?

Erik: Ja, goed! En... (*wiist nei har búk*) en hoe is 't mei jim?

Chantal: Ja, hiel goed... de lêste leadsjes weage it swierst.

Erik: Hoelang noch, Chantal?

Chantal: Noch in pear wykjes...

Erik: Mar do komst doch wol wer by ús wurdjen, no, as de lytse der is.

De baby kin moai nei de deiopfang op de 2de ferdjipping. Lekker maklik. Mar gean even sitten, wolst ek in bakje kofje?

Chantal: Nee, tanke, ik sil noch even nei de froulju fan de fleisôfdieling.

Faaks ha se noch in nijsje, dêr bin ik gek op!... en even in woarstje score...

Erik: Okee, prima. No at ik dy net mear sjoch, sukses mei it befallen.

Wy heare de klap wol... (*ôf kantoar*)

Chantal: Betanke, menear Venema... (*ôf fia de trep*)

Silvia: (*komt hymjend op mei Rick de Smet fia de trep*) Menear de Smet, wolle jo earst ris útlizze, wêrt jo foar komme? Komme jo foar de hygiëne fan de winkel of de personielromte?

Rick: Dat sil ik jo sizze, mefrou van Straaten. Ik bin allround kontroleur en kom dus foar de winkel en de personielromte, dus ek dizze. At it hjir like netsjes is as de kantine ûnder, dan bin ik sa wer fuort.

Silvia: Fiel jo vrij om oeral even te sjen.

Rick: Ik fiel my noait vrij at ik tsjinst ha, want at ik vrij wie, dan hie ik wol op it strân lein.

Silvia: Ik bedoel dat je oeral sjen meie, wêrt jo mar wolle, at jo it mar net slim fine dat ik mei jo mei sjoch.

Rick: Mefrou, fiel jo vrij om mei te sjen.

Silvia: (*sjocht moedeleans de seal yn*) Just ja.

Rick: Seine jo wat, mefrou van Straaten.

Silvia: Nee, wier net... gean jo gong mar.

Rick: O... is hjir gjin kraan yn dizze kantine, ik wol graach even hânwaskje...

Silvia: Dit hok ha wy yn gebrûk, omdat de kantine ûnder te lyts wie. Jo kinne yn it hûske hânwaskje.

Rick: Mmmm... wol wat ûnhandich. (*rint hûske yn*)

Silvia: Pfff... ik hoopje dat dit net te lang duorret...

Rick: (*fanút it hûske*) Seine jo wat, mefrou van Straaten.

Silvia: Eh... ja... ik sei, wy hiene better wat grutter hiere kind...

Rick: (*komt út it hûske mei wiete hannen*) Der is neat dêr't ik myn hannen mei ôfdroegje kin...

Silvia: O, hinget der wer gjin hândoek. Ja, de âlde warkster is fuort en no ha wy in nije, mar dy moat noch ynwurke wurde.

Rick: (*noch hieltyd mei wiete hannen*) Mar mefrou van Straaten, in hândoek kin echt net mear, dat is net hygiënysk. Der heart in papierrol oanwêzich te wêzen.

Silvia: O... mar dy is der wol. (*rint it hûske yn en goait fan út it hûske 5 hûskerollen yn 'e hannen fan Rick*) Rollen papier genôch!

Rick: Ja, nee... ja, nee... dat bedoel ik net. Ik bedoel...

Silvia: Ik wit wat jo bedoele en ik sil der foar soargje.

Rick: (*in bytsje wantrouwend*) At jo dat dan mar dogge, oars krije jim in offisjele warskôging.

Silvia: Ik sil der echt foar soargje. Wolle jo noch mear sjen, menear de Smet?

Rick: Ja, fansels! Ik bin noch mar krekt begûn. (*sjocht nei de tafel, dy't fol mei lege en folle bekers kofje stiet*) ...dit sjocht der net sa fris út. Dit kin doch net...

Silvia: (*wol grappich wêze*) Ja, dat sit sa, menear de Smet, fan de baas moatte wy de hiele dei itselde bekerke brûke. Krisis, no! (*wiist op 'e tafel*) Dat sadwaande...

Rick: (*tige ferheard*) Miene jo dat no, mefrou van Straaten?

Silvia: Nee, fansels net! It wie mar in grapke! (*rommet wat op*)

Rick: (*stammeret*) In grapke oer hygiëne... dat kin doch echt net. (*giet op Silvia har stoel sitten*)

Silvia: Wolle jo ek kofje, menear de Smet?

Rick: Ja, graach. (*sjocht noch ris kritysk om him hinne*) No, nee... doch doch mar net.

Silvia: Ik nim al in bakje, dat ha ik wol fertsjinne... al sis ik it sels...

Rick: (*giet stean, docht wantsjes aan en sjocht kritysk om him hinne*) Lokkich sit der gjin rút yn dizze romte, want dat is wol hiel ûnhygiënsk, al dy hoekjes en gatsjes... (*fynt in deade mûs en goait dy yn it publyk*)

Silvia: (*giet gau op har "eigen"stoel sitten en sjocht nei Rick*) Ha jo alles no hân, menear de Smet?

Rick: Hast! (*sjocht yn 'e kuolkast en knikt tefreden*) Sjoch! Hjir wurdt ik no wer fleurich fan! Dit sjocht der no wer keurich út! Mar eh... de flier... dy mei wol ris stofsûge wurde...

Coby: (*komt op fia trep, pakt kofje*) Goemoarn allegearre! (*tsjin Rick*) Ik bin Coby Groeneveld en wa bin jo?... alwer in sollisitant?

Rick: Nee... ik bin Rick de Smet, kontroleur fan de keuringstsinst fan waren... dus gjin sollisitant, mefrou Groeneveld.

Coby: Jammer! Ik fûn jo op it earste gesicht al in prima skjinmakker eh... troch dy wantsjes! (*krijt ûnder de tafel in skop fan Silvia*)

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via  
[www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en  
toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



[info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)



072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**